

Bêste kriteleden,

"Jonge, ik wit de wrâld moat syn gerak ha mar de siel moat earne ek in plak ha."

Fedde Schurer

Ik tink dat jimme wol mei nocht oan ús jûn fan it stampotbuffet weromtinke. De famylje Wielens hie it wer bêst yn oarder, der wie muzyk fan ús krite-ensemble en der wie praat genôch.

Is 't net sa dat 'de siel' ek yn ús krite syn plak hat ? It docht ús dochts wat as wy as Friezen byinoar binne (en fuort mei dy spreuk: "As Friezen by inoar binne, is gau de sûpe soer." !)

As ik sa ris tink oan de skiednis fan de 'Fryske Beweging', dan krij 'k sterk de gedachte, dat ús taalgebiet him royaler ûntjûn hat as yn oare provinsjes wol. Wat hiene wy net in dichters ! Fan Gysbert Japicx, mei Waling Dijkstra en de bruorren Halbertsma. En net te ferjitten Douwe Kalma, dy 't de Jongfryske Beweging oprjochte en it biedwurd joech: "Fryslân en de Wrâld ! ".

Hy brocht doe ús literatuer op it peil fan de Hollânske Beweging van '80 (Kloos ensfh). En sa fûn ús literatuer jimmer oansluting by de ûntjouwings yn Europa.

Wy meie bêst in bytsje grutsk wêze op ús 'provinciale' kultuer.

Op 4 maart komt Anneke Leyendekker by ús har stikjes foardragen. Men neamt har wol 'de nije Akke Radsma'.

Soe de Fryske siele dan net oanwêzich wêze ?

Geecke Sybesma, foarsitter

Schrage  **Bloemen & Kadoshop**

- * Bloemen
- * Planten
- * Bloemstúkjies
- * Planterbakken
- * Potten
- * Glaswerk
- * Kado's
- * Enz. enz. enz.

Friesestraat 21
7741 GR Coevorden
Tel: 0524 51 28 94

Nijjiersbesite by de krite.



Woansdei 5 jannewaris middeis om healwei seizen wie it wer safier: it stampopotbuffet by Wielens yn Noord- Sleen fanwegen it nije jier.

Der hienen har fyftich leden opjûn, mar soe it wol kinne, want tinkend oan ferline jier rieplachten de bestjoersleden, en sy net allinnich, tink, regelmjittich

de waarberjochten op radio en televyzje.

Soe it krekt as foarich jier wer oergean moatte troch it minne waar? Piet Paulusma ferwachte snie, izel en letter rein, dat de moed sakke ús al hast wer yn 'e skuon. Neffens ús is Piet wol ris wat swiersettich wat it waar oanbelanget.

Want de buienradar joech dizze delslach ek wol oan, mar pas letter op 'e jûn. En dan koe eltsenien al wer heech en dreech thús wêze. Mar it is diskear aldergeloks dus wol trochgien. En it wie wer in tige gesellige jûn !

Mei de leden is ôfpraat dat wy op de kritejûnen wat mear meielkoar sjonge sille.



No, dat ha wy dizze jûn flink wat dien. Op it repertoire stie û.o. 'De Wâldsang'.

Fierders hie de foarsitter in tekst makke oer ús (bûtenfriezen) en de krite op de wize fan 'Wat bisto leaflik ' en dat mei ús ynstudearre. En wy songen as klysters !

De mannen fan 'Bêst Genôch' begelieden it sjongen en dat dienen sy op de foar har bekende flotte wize.

De gongen fan it iten waarden ôfwiksele troch optredens fan leden, sadat it iten ûnderwilen wat sakje koe. Sa kaam Hans Weijer oan it wurd. Hy skriuwt alle moannen in artikel yn in krante foar emigranten yn Amearika en Kanada en ien fan dy ferhalen hat er foarlêzen.

Ek fertelde hy noch wat oer in reis nei Kanada dy't sy ferline jier makke hienen.

Sjouke van der Veen song mei begelieding fan it (wol wat lûde) 'ynblikte' oargel fan de Grutte Tsjerke yn Ljouwert û.o. it prachtige liet "Hallelujah" fan Leonard Cohen, dêr't wy it refrein meisjonge koenen.

De foarsitter hat ek noch in wintergedicht foardroegen út de bondel 'Ta de moarn' út 1927 fan syn heit R.P. Sybesma.



Mar no ha'k noch neat skreaun oer eins it wichtichste fan de jûn: it stampotbuffet. Mar jo witte: Lêst.....bêst ! Dat wie wer treflik klearmakke troch de famylje Wielens yn gearwurking mei harren persoanen. Makke net út: boerekoal, soerkoal, hutspôt e.s.f. mei alle soarten fleis, griente en soer en fan alles mear as

genôch. En dan dy neigesetsjes; om jo de fingers by ôf te slikjen.


Nei noch in bakje kofje of tee gong elkenien om goed njoggen oere, my tinkt op twa manieren foldien, wer nei hûs.

(AT)

Nijjerskaart

Tsjerke yn 'e snie en yn 'e snie
mei gouden letters; "Lokkich Nijjier"
'k Bin bliid mei dy winsk,
Mar blider mei myn adres,
Dat op de oare kant stiet,
As ik tink oan die treast'leaze reis
fan die tûzenen en tûzenen
dakleaze minsken ûnderweis.

Sj, Biesma- Hof



Friese-producten.nl

Online Friese kado's

Webwinkel met meer
dan 250 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl


Polysje

Do 't ik hearde fan minsken út de 2de keamer, dy 't mei de polysje yn oanrekking west hiene moast ik tinke oan 'long, long ago'. It wie omtrint 1950. Ik hie de lieding fan in sjongkoar út Koarnjum. Ien kear yn 'e wike gong ik op 'e fyts jûns nei Koarnjum. Wy wennen do yn Huzum by Ljouwert.

Ik bin altiten oeral te betiid. Op 'e Nijstêd yn Ljouwert seach ik op 'e hichte fan it polysjeburo oan de oare kant fan de grêft moaie útstalkasten. Ik stapte ôf om te sjen.

Yn ien fan de portiken stie in polysjeman by twa jonkjes fan in jier of acht. Wat se útfrieten hiene wit ik net. Mar ynienen seach ik dat de polysjeman in jonkje by syn ear omheech luts. Ik waard sa hellich en sei d'r wat fan. De polysjeman hiet my om fuort te gear, mar dat wie ik net fan plan.

Doe waard ik, om it mar 'bot' te sizzen, by kop en kont pakt en moast mei nei it polysjeburo. Dêr kaam ik foar in 'ynspekteur' te stean, dy 't my de les lies. Ik sei tsjin him



"Hawwe jo wolris heard fan de sinesappel metoade fan Jan Ligthart ? "

Nee. Wol, Jan Ligthart wie in pedagooch. Hy wie op in dei mei syn famylje oan 't iten, do der in pear bern foar de ruten kamen te sjen. Hja bliuwden mar stean en wiene net fuort te krijen. Jan Ligthart pakte twa sinesappels, jout se oan de bern en fuort wiene se. De man hie sa'n ferhaal net ferwachte. Ik mocht mei de polysjeman prate en wy wiene it iens dat sokke jonkjes jûns net mear op strjitte heare.

Ik kaam noch op tiid yn Koarnjum !

Yps Boersma

Oprop !

De kosten fan it kriteblêd wurde foar it grutste diel betelle troch de opbringsten fan de advertinsjes.

No hat it bestjoer tige tsjinslach fanwege it feit dat 4 advertearders harren advertinsje yn ús blêd mei yngong fan dit jier opsein ha. Sonnema, de Frieslandbank, Vegro Soarchwinkel en klussenbedriuw ten Brink stopje dermei. It giet om in bedrach fan sa'n € 430,=. No is advertearjen yn ús blêd net sa djoer. In advertinsje fan ien blêdside kostet € 120,= .

It kriteblêd giet nei alle leden, 30 kriteferienings yn hiel Nederlân, nei alle biblioteken yn Súdeast Drinte en leit op de lêstafel fan de gemeenten Emmen en Coevorden.

Wa hat nammen en tips fan advertearders dy't wy freegje kinne om in advertinsje yn ús blêd ? Graach efkes skilje mei: Anne Biesma 0591-55 26 28 of mailen kin ek biesma.onne@hetnet.nl .

Slagget it om op dizze wize in advertearder te finen dan leit in aardich Frysk presintsje klear foar de oanbringer !!

De flaggekleuren

Ferline wike kaam ik by it gemeentehûs lâns, dêr't de Nederlânske trijekleur fleurich wappere. Ik seach dat in Amerikaanske toerist yn alle earnst de kleuren fan de flagge yn him opnaam.

Doe 't er my frege nei de betsjutting fan de kleuren read, wyt en blau, joech ik him as antwurd: "Dy kleuren hawwe alles te meitsjen mei de belestingen yn Nederlân. As wy de belestingoanslach yn 'e bus krije, wurde wy read fan liikens. As wy dêrnei it opleine bedrach lêze, lûke wy wyt wei en dan wurde wy blau fan it beteljen. "

De Amerikaan begriep it folslein. Hy sei: "By ús is it itselde, allinne wy sjogge der noch stjerkes by."

Johannes Oegema, Sutfen

Boek 'Friezen yn 'e Frjemdte'



Us efkes de feiten wer yn 't sin bringe: In pear jier ferlyn, om krefter te wêzen yn 2007, kaam der yn 't bestjoer fan it Frysk Boun om Utens it idee op om in boek te skriuwen oer de kriterien dy't der noch binne en dy't der west ha yn Nederlân bûten Fryslân, mar ek yn de hiele wrâld.

In minske as tsien bin doe yn 'e pinne klommen. En no is it hast sa fier dat it klear is.

Freed 1 april (gjin grap, hear) sil it boek presintearre wurde yn Tresoar yn Ljouwert.

Men wol hjir flink wat publisiteit oan jaan en hat de media (Omrop Fryslân, kranten, blêden, e.s.f.) útnoege foar dizze plechtichheid. Ien fan de pommeranten dy't komme sil is út namme fan de provinsje de deputearre fan taal en kultuer frou Jannewietske de Vries, mar ek Rients Gratama is der. Saterdei 2 april is de presintaasje foar de kriterien op de ledefergadering fan it Boun yn Apeldoarn. It boek hat de grutte fan A 4 en is sa'n 400 siden dik.

In stik as tweintich leden fan ús krite ha it boek besteld en dy krije it ynkoarten.

Wa't faaks dochts noch in boek bestelle wol, kin kontakt opnimme mei de ponghâlder fan it Boun, dhr Sj. Bakker, tel. 0529- 401683, mail: sdabakker@kpnmail.nl

(AT)

Wer !Reur yn de bieby Emmen



Wat in nuver wurd, dat Reur. It komt net foar yn it Frysk. It is dan ek in Saksysk wurd, dat dus ek yn Drinte brûkt wurdt, mar meastal seit men reuring. It betsjut safolle as: drokte, beweging, faak in protte minsken.

En dat lêste hopet de organisaasje fan ! Reur ! ûnder lieding fan de direkteur fan de biblioteek Marchien Brons, fansels. **Want sneon 5 maart is it wer safier.** Dan wurdt foar it twadde jier op rige it streektale- festival ! Reur ! hâlden.

Ferskate streektalen presintearje har dêr dan.

Sa binne der bygelyks neist ús de Drinten mei û.o. Huus van de taol, de Grinzers mei Boukenkist, de Oeriselers mei Twentse Welle en de IJselacademie en út Fryslân ek noch de Stellingwarfer Schrieversronte.

De dei wurdt om 10 oere iepene troch deputearre fan Drinte, Rein Munniksma, fan Fryske komôf en mei noch in kreas mûltsje Frysk. By it iepenjen sjongt HEM (Hessels Eerste Mannenkoor) út Hesseln, oftewol Oosterhesselen.

Se trede letter op 'e dei ek noch ris op.

Ut ús taalgebiet komt Hylke Speerstra, âld- haadredakteur fan de Ljouwerter krante en skriuwer fan in tal nijsgjirrige boeken, dêr't 'It Wrede Paradys' wol ien fan de bekendste fan is. Hy sil fêst fertelle oer syn wurk en syn boeken en miskien ek wol wat foarlêze.

En út Fryslân komt ek Karst Berkenbosch fan de Stellingwarfer Schrieversronte.

Ien fan dizze beide mannen sil wis meidwaan oan it foarum oer lytse talen.

Yn it kreamke fan ús krite, dat de hiele dei beminske wurde sil troch leden fan it bestjoer fan de krite is wer fan alles te sjen, te keapjen of te krijen.

Kriteboekeferkeapster Roelie Tuiten hat wer fan alles yn foarrie, sa as nije boeken, healsliten boeken, de Bosatlas fan Fryslân, sjongboekjes, lûddragers, snypsnares en gean sa mar troch.

De neikommende ûnderdielen stean yn e rin fan 'e dei op it programma:

- foadrachten troch streektalauteurs,
- muzyk en sjongen yn ferskillende streektalen,
- in literêr kafee c.q. stamtafelpetearen,
- presintaasje ferskate streektaalorganisaasjes,
- streekrjochte útstjoering fan it programma 'Hemmeltied' fan RTV Drenthe, tusken 10 en 12 oere,
- in ynteraktive streektaal- kwis,
- en oan 'e ein fan 'e dei, om in oere as fiif, de útrikking fan de 'Dagblad van het Noorden' streektaal- priis.

Jo sjogge wol, de hiele dei is der foar bern en folwoeksenen wat te dwaan, 'is der reuring' yn de biblioteek fan Emmen oan it Noorderplein.

Wolle jo mear wite, sjoch op www.reur-festival.nl bygelyks om te witen te kommen wannear wat plak fynt.

(AT)

Dy ferhipte rutewiskers

Tsien jier lang ha wy in grutte Volvo hân en wat my oanbelanget wie de opfolger wer in Volvo wurden. Dy auto hat my altyd pûrbêst foldien. Der wie wol ris wat mei, mar as jo neigean dat hy sawat tsien kear de wrâld rûn west hat doe't ik him ynruile, en dan ek noch altyd syn earste útlaat hie, bewiist dat wol syn kwaliteit. Faker as ien kear yn it jier kaam er net by de garaazje. Mei Peaske foarich jier fûnen wy it dochs tiid foar in nijere auto. It waard in Ford Galaxy. Noch grutter, jo kinne der mei sân minsken yn en wat ek maklik is: myn oargel kin sa efteryn.

En dat moat noch wol ris mei, dus dat foldocht my wol. En wy binne, no't ús bern freontsjes ha, ek noch wol ris mei syn seizen as sânen op paad, en dat kin yn ien auto, dus wat wolle jo noch mear. Wat ik noch mear wol? Dat it technysk ek allegear gewoan wurket. En dat is no krekt myn punt.

Hy wie net nij, mar der siet wol in heal jier garânsje op. Dus as er wat mei is, kinne jo werom nei de garaazje. Ik bin noch noait yn myn libben sa faak by in garaazje west as mei dizze auto wol' k leauwe. En der ha ik in dikke hekel oan. Net dat dy minsken yn dy garaazje net harren bêst dienen, en it koste my noait wat, mar wat in gesoademiter.

It begûn, dat hie ik jim al ris ferteld, fuort al yn ús fakânsje yn Itaalje. De airco die it net mear, de CD wikseler hâlde der mei op en de rutewiskers ek . Dat doe't wy wer thús wienen bin ik fuort mei de



auto nei de garaazje gien. De airco ha se makke, de CD wikseler wie net mear te meitsjen seinen se mar de rutewiskers dienen it ek wer. Ik sette ôf, mar de motor woe net lûke. Werom nei de garaazje. Wat bliek? Hienen se it hiele loffilter noch net oansletten. Der moat in stekker yn en dat wie fergetten. Mei in "sorry" fan de garaazje sette ik foar de

twadde kear ôf. Oer de CD wikseler soenen se noch oerlizze, mar it wy gjin garânsje tochten se. Myn frou en ik tochten fan wol.

It hat in wike duorre, doe stie myn frou earne yn Gelderlân stil, want it reinde dat it spielde en de rutewiskers dienen it wer net mear. En wat docht myn frou as soks bart? Dy skillet my en dan ha ik ynienen in probleem. As ik it mar fuortendaliks oplosse kin want se wol nei hûs. Ik sis noch: skilje de wegewacht, mar it ANWB paske hie ik fansels yn de beurs. Ik skilje de garaazje, mar it is jûn fansels en der is gjin mins. Mar ik krij wol in nûmer dat ik skilje kin. Der komt in aardige frou foar de tillefoan dy't seit dat se it oplosse sil. Se freget wer as myn frou stiet. Wit ik folle, dus ik jou har it 06 nûmer fan myn frou. Sy sil it regelje, Ford soarget foar alles, ik moast my mar gjin soargen meitsje. De wegewacht krijt de rutewiskers wer oan de gong mar seit dat it net doocht, it moat neisjoen wurde. By de garaazje begripe se it ek net en se beslute it hiele meganyk te fernijen.

Der komme stangen fan de VW Sharan (is technysk deselde auto) yn en dan sil it klear wêze. As ik de auto wer ophelje, dogge se it yndie, mar se dogge wol frjemd. Elke kear as ik it kontakt oanset, bewege de wiskers. Mar dat is normaal, seit de haadmonteur. Se ha ûndertusken besletten dat der in nije CD wikselers yn komt en dit dat garânsje is. Der bin ik bliid om; it is in ûnderdiel fan in hiel systeem en hy is dus djoer. Hy is al besteld. As ik in wike letter wer kom, set in monteur it ding der yn. Klear, moai. Mar ik krij it mei dy monteur oer de rutewiskers en dat dy noch altyd frjemd dogge. Hy wit de oplossing: der moat in nije rutewisker motor yn. Wer in wike letter bart dat. Mar gjin ferbettering. Ik krij myn nocht der fan en beklei my by de baas. De auto moat ynkoarten nije oalje en nije bannen, en dan sille se tagelyks de elektroanika fan de rutewiskers neisjen en de kompjûter opnij programmearje. Ek mei spul fan VW. Dat bart op in freed. Ik helje de auto foar de safolste kear wer op en dan seit dy haadmontuer tsjin my: no is alles nij, de stangen, de motor, de elektroanika en nije programmatuer, no kinne de rutewiskers der net mear mei ophâlde. Ik hoopje it mar, want it is wilens al knap winters waar; jo kinne dus gjin dei sûnder dy dingen.

De oare deis, sneon dus, moast ik in waskmachine ophelje út



Easterhesselen. Ik ryd der hinne, byn dat ding fêst op de karre en sil werom nei Dalen. It snijt tige, dat ik set de rutewiskers oan en doe dienen dy kringen it wer net !!! Se stienen midden op de rût in pear sintimeter hinne en

wer te bewegen. Ik sil mar net opskriuwe wat ik doe sei. Ik bin thús kaam mei in slakkegong want ik seach hast neat. En it sin lit him riede. Myn frou skille fuort de garaazje. Koe ik better net dwaan tocht se, en ik tink dat se gelyk hie. Der wie fansels gjin monteur, mar moandeismoanne soenen se in oare auto bringe en it probleem ferhelpe. Ja ja, tocht ik, it sil wol.

In pear dagen letter waard de auto werom brocht. Mei in moai kryststik en ekskúses. Der wie in monteur, dy't him djip skamme. It hie fan it begjin ôf noait goed montearre west. Dat hie ik al in kear nei foaren brocht en no die bliken dat ik gelyk hân hie. Gelokkich wie der no in moer ôfrûn, sadwaande ûntdutsen se einlings it echte probleem.

No dogge de rutewiskers it presiis sa 't it heart. En in nije motor? Nije elektroanika? Nij kompjûterprogramma?

Al dat wurk en de kosten foar de garaazje? It wie allegear net nedich west as it de earste kear gewoan goed dien west wie.

Dochs kin ik net liik wêze op de garaazje of op in monteur. It is in bytsje dom, fansels, mar de behanneling wie altyd goed. Beets genôch, se fûnen it sels ek ferfelend foar ús. En it wie allegear garânsje, ek al wie dy al lang ferrûn

En it moaie kryststik; it stiet noch altyd yn de keamer op de tafel.

Oare kryststikken fansels net mear, mar hjir sit noch garânsje op, sis mar

S vd V

Kassa

"Dêr moatte wy hinne." Albert lei it streekblêd op tafel en wiisde nei de paginagrutte advertinsje: 'Totale uitverkoop van alle vloerbedekking. Weggeefprijzen !' Hy knikte Sjoukje ta. "Do hiest it dêr lêsten oer dat der nedich in nij stikje swilk yn 'e bykeuken moat.

No, dit is ús kâns."



"Swilk", snibbe Sjoukje. "Man, do rinst fyftich jier achter. Novilon hjit soks." Likegoed beseach se de advertinsje mei stúdzje. Albert hie gelyk, de prizen dy 't derby stiene, wiene gâns leger as oft der ornaris foar dat guod frege waard. Doe foel har each op de lytse letterkes, hielendal ûnderoan: 'Alle prijzen zijn meeneemprijzen.'

Se wiisde it Albert oan en frege: "En wa sil dat guod lizze moatte?"

"Ik fansels." "Gjin sprake fan." Se seach him troch de goudrânige bril fûl oan. "Dan giet it krekt as mei dy flierbedekking yn 'e sloopkeamer. Earst hiest dy raar fersnijd, dat it bêd moast op in oar plak as ik yn 'e holle hie, en griemdest ek noch fan dy lym op it behang. Seidest dat it op wetterbasis wie en maklik fuort te krijen." Se snúfde. "No, dat ha ik witten. Mei in wiete doek derop omrosse, doe hiene wy in grut brún plak fan wol in heale meter. Ik hie de kleankast oars tsjin de oare muorre oan ha wold." Se stuts in finger op. "Dat wie ien kear, mar net wer, asto fan doel bist om dat guod sels te lizzen geane wy der net ienris om fuort !" Dúdlike taal. Albert joech belies. "Ik freegje Bram Joustra wol, dy moat soks omraak kinne." Dat like har goed ta. Dyselde middeis noch nei 'De Totale Uitverkoop'. Dêr slaggen se

foar wûnder: Foar fyftjin euro in prachtich stik Novilon, griis mei in blau grimeltsje. Sjoukje wie der wei fan.

It guod wie fjouwer meter breed; op himsels kaam dat moai út, harren bykeuken wie trije meter tachtich yn it fjouwerkant.

Mar Albert wie der fan útgien dat dy flierbedekking twa meter breed wie, dát paste wol sa' n bytsje yn harren autoke, mar fjouwer meter, op gjin stikken nei.

"Oars snije wy it trochmidden", bea de ferkeaper oan. It like Albert nei fleanen. As it spul twa meter west hie, dan wie dat sa en kaam der in naad yn. Bram soe him dêr wol mei rêde, mar as it net nedich wie ?

"Foar tweintich euro wolle wy it ek wol by jo thúsbringe", sei de ferkeaper.

Dat foel al hielendal ferkeard by Albert. "Man, dan is it lak djoerder as de brief" En tsjin Sjoukje: "Pak do dy ein mar."

"Hoe wolst no ? "frege Sjoukje doe't se mei de lange rôle tusken harren yn de winkel útstapten. "Te gean nei hûs ta ? "

"Bist net wiis ! It plaid der ûnder en dan it spul op it dak. Do rydst en ik hâld troch it iepene rût dat guod beet. Ast net te hurd jagest, slagget dat wol."

Se skodholle. "Dat kin net Albert, as wy polysje treffe krije wy grif in bekeuring."

"Skyt, it soe al ferdulde mâl wêze as wy yn dat eintsje in polysje treffe soene, it is noch gjin fiif minuten riden."

Sjoukje hie der in swiere mûtse oer op, mar Albert sette troch. En earlik is earlik, de reis gong foar wûnder.

"Kassa", kraaide er doe 't Sjoukje de auto foar harren hûs stilsette.

"Tweintich euro yn fiif minuten fertsjinne, dat is twahûndertentrichtich yn 'e oere leave. Dêr komme net folle lju oan ta ! "

Hy liet de nijste oanwinst los en stapte út. Sjoukje ek. Troch it ferweech fan 'e auto soe de rôle der noch ôffalle. Albert seach it gefaar en die in flugge raam. Hy krige it Novilon noch heal te pakken. De rôle draaide in kwartslach en Sjoukje dy't krekt de auto út wie. krige in tik fan de rôle tsjin 'e holle. De bril foel op 'e grûn en om't se troch de klap út it lykwicht rekke, die se in stapke nei foaren. De djoere brillleglêzen knapten ûnder de stevige skoech. Se seach oer de auto hinne: "Seishûndert euro yn ien sekonde nei de barbysjes. Hoefolle is dat yn it oere Albert ? "

Anders M.Rozendal.

Nije Fryske wurden

Yn septimber 2010 wie by gelegenheid fan de Europeeske dei fan de talen de start fan in oersetwedstriid. Meidoggers moasten in Fryske oersetting fine foar wurden dy 't yn it Nederlânsk noch net sa lang besteane.

Gauris ûntsteane dy nije wurden nei oanlieding fan de aktualiteit en somtiden ferdwine se ek wer gau. Mar bytiden begjinne se diel út te meitsjen fan de Nederlânske taal. By de wedstriid gie it derom om foar in oantal fan dy wurden in Fryske oersetting te finen.

Yn oerlis mei de sjuery is in list opsteld fan tweintich resinte wurden. 85 Dielnimmers brochten yn totaal 250 mooglike Fryske oersettingen op it aljemint. De sjuery beoardielde de taalkundige korrektens mar ek de kreativiteit en orizjinaliteit fan de ynstjoeringen.

In part fan de list sjocht der sa út:

- herriemeter ----- lawaaimjitter
- graaibonus ----- ynklaulean
- insectensnack----- hipperhapke
- pimpen -----oppoaie
- verwendicapte ----- bedjerbeheinde
- zwaairaam -----oant-sjenrút
- bierbabe ----- pils mokkeltsje
enf.

Ut dizze list hat de sjuery yn jannewaris 2011 it winnende wurd bekend makke. It winnende wurd is 'hipperhapke' en it twadde wurd is 'oppoaie' .

Frysk mei Hille

Yn elk kritekrantsje besprekt Hille fan de Afûk in Frysk wurd of wurden. It wurd fan dizze kear = tsjuster



1. Sa tsjuster as de nacht (zo donker als de nacht)
2. Donker, zonder veel licht. Moeilijk te begrijpen, onduidelijk

3. Somber, triest

Siswizen mei tsjuster:

- As it tsjuster is, binne alle katten grau - *Hij kan bij nacht niet zien hoe mooi of hoe lelijk zijn vrouw is.*
- It binne tsjustere boeken - *men kan de zaken van anderen niet doorzien*
Eat tsjuster ynsjen - *iets donker inzien*

Sa kin in tsjuster (2) man yn it tsjuster (1) rinne en de takomst tsjuster (3) ynsjen.

Utnoeging foar freedtejûn 4 maart 2011

Anneke Leyendekker fan de Jouwer (artystenamme 'Sijke út 'e Skipsleat') sil ús dizze jûn fermeitsje mei sketskes en gedichten.

De measten binne fan harsels, oaren fan Baukje Wytsma, Jurre van der Berg en Rients Gratama . Sels skriuwt se oer har optreden:

"Ha jim wolris heard fan Sijke út 'e Skipsleat ? Sy sil jim jûn fermeitsje en kin' jim sa no en dan ris laitsje. Ek binne der earnestige stikjes by en fierder noch wat rimelerij. Ik hoopje dat ik jim op 4 maart moetsje en wol jim no dan ek groetsje. "

Programma is as folget:

- mei Sijke yn 'e kunde komme
- âlder wurde
- Gryt Rollator
- memme' skelk
- it widske
- stôkrinne

- it bern fan doe
- it molkkantsje fan Antsje
- it bern fan hjoed- de –dei

SKOFT

- oan tiid
- de reuny
- de advertinsje
- ús doarpke
- needgjalp
- lyts boike
- in oppas dei
- de slipover
- freonskip

Plak: Café –Restaurant Wielens, Dorpsstraat 19, Noord-Sleen telefoan 0591 36 13 18

Tiid: 20.00 oere

Kosten: € 9,50 (yntree € 5,=, twa kopkes kofje/tee mei in lekker stik oranjekoeke derby € 4,50).
Net leden betelje € 14,=

- It duo 'Bêst Genôch' spilet wer foar ús.
- Gastfrou dizze jûn is Janny van der Veen
- Fimke van der Meulen en Greta Lammers soargje foar in ferlotting mei in soad Fryske pryskes

Hoe kom ik nei dizze kritejûn ?

Foar de measte leden is dat aldergelokst gjin probleem, mar foar guon minsken is it faaks dreech om op in kritejûn te kommen. In pear fan ús leden ha oanbean om minsken mei te nimmen nei Noord-Sleen.

Dat is fan Emmen út:

- Frou A. Wieringa, Arve 23, Emmen, tel. 0591- 620836

En fan Coevorden en neiste omkriten út:

- A.Tuiten,Palmanovastr. 23, Coevorden, tel. 0524 - 513783.

De famylje Hoen, Burgemeester de Kockstraat 57, Oosterhesselen
kin ek minsken meinimme nei de kritejûnen.

Efkes skilje 0524 582243

As der mear leden binne dy't (wolris) minsken meinimme kinne en
wolle, nim dan efkes kontakt op mei Anne Tuiten

Tiid

Tiid fan foarhinne
tiid fan hjoed de dei
tiid dy 't foar ús leit
tiid siket har in wei

it is in reizgjen troch de tiid
al geande oer de libbenswei
wy litte folle lizze
nimme ek hiel wat mei.

Tiid en takomst iepen
tiid foar in nij begjin
hâld dysels foar eagen
't libben hat doel, hat sin.

Wieke de Boer

'Hjir farske fisk te keap'



In Joadske fiskkeapman hie in boerd foar syn
winkel stean, dêr 't op stie : *'Hjir farske fisk te
keap'*. Op in goede dei kaam in klant yn 'e
winkel en frege de man ferheard, wêrom't er

'farske' fisk op it boerd skreaun hie.

"It leit dochs foar de hân, dat jo farske fisk ferkeapje of net soms ? "
 "Jo ha gelyk, " sei de fiskferkeaper en fage it wurd 'farsk' fan it boerd. Efkes letter kaam in oare klant yn 'e winkel en frege fernuvere wêrom 't er 'hjir' op it boerd skreau hie. "It leit dochs foar de hân, dat jo jo fisk hjir ferkeapje en net earne oars of net soms ? "

"Jo ha gelyk," sei de fiskferkeaper en fage it wurd 'hjir' fan it boerd. Wer inkele minuten letter kaam in tredde klant yn 'e winkel en frege fernuvere wêrom 't er 'te keap' op it boerd skreaun hie. "It leit dochs foar de hân, dat jo fisk ferkeapje of jouwe jo de fisk soms wei ? "

"Jo ha gelyk, "sei de fiskferkeaper en fage ek 'te keap' fan it boerd. As lêste kaam in âld wyfke yn 'e winkel en frege ferheard wêrom 't er 'fisk' op it boerd skreaun hie. "Jo hoege echt net te skriuwen dat jo fisk ferkeapje, want dat is fier yn 't rûn al wol te rûken."

Wêrop de fiskferkeaper in sucht liet, de winkel út slofte en ek it wurd 'fisk' útfage.

Oerset út 'Joodse verhalen en wijsheden' troch Johannes Oegema

Bryk Frysk	Geef Frysk
foarbereide	tariede
grau (kleur)	skier
foarwaarde	betingst
echt net	wier net
helemaal	hielendal
helaas	spitergernôch
ik fergis my	ik fersin my
netsjes	kreas
mandsje	kuorke
langsum	stadich
omgeving	omkritten
samen wenje	tegearre wenje
sin yn	sin oan
luier	ruft
sleutel	kaai
deksel	lid
botbreuk	brutsene bonk
boven	boppe
fergisse	fersinne

De feint



Fetsje har ferkearing is ek noch wer út. It wie in Johannes, earne boppe Dokkum wei. Hoe 't er oait tsjin Fetsje oanrûn is, wit ik net. Hy hat der in kear of wat west. No is 't út. Nei 't hja sels seit, is Fetsje der neat net rouwich om. Dat frommeske hat it hert op 'e tonge. Sels oer dy ferkearing is hja neat net efterhâldend.

"It wie sa'n Oege. Hy siet dêr't er siet, oars gjin praat as ierappels en biten. Hoegde er dêr in reis om te meitsjen?" Op dy fraach woe Fetsje wol in antwurd ha. Wa, wie ik om sa'n Johannes te oardieljen ? Ik hold sels syn wâl noch op, en sei dat it my oars net sa'n slimme feint talike.

"O nee ? " hune Fetsje. "Hy koe net iens frije man ! "

Doe 't der sa foar stie waard it fansels aardich minder. It foel net ta om it doe noch foar Johannes op te nimmen. Sa tocht Fetsje der ek oer. "Ik ha deagewoan tsjin him sein dat er net wer hoegde te kommen. Sei my dy feint ek noch dat wy oars aardich mei-inoar prate koene. Is dat no in feint ? Sa'n ien kin 'k tichterby ek wol krije. Wat soe dy Johannes dan bereizgje ? Lit him boppe Dokkum bliuwe ! "

Paulus Akkerman

Tiid

Al rint de tiid ek rêd.
soms krûpt er; sa docht bliken
oan wa 't hjir dei oan dei
oars neat hat te ferstriken

Atze Bosch

Fryske skriuwers en skriuwsters

Durk van der Ploeg.

Durk van der Ploeg is berne op 6 septimber 1930 yn Hoogkarspel, Noard Hollân. Doe't er trije jier wie festigen syn âlders har yn

Ealsum by Dokkum. Dêr is er opgroeid; yn de kontrei dy 't yn syn literêre wurk letter sa'n wichtich plak ynnimme soe. Yn syn ambachtsskoalletiid, te Ljouwert, helle er t fakdiploma typografy; tagelyk folge er yn syn frije tiid in kursus frij tekenjen.



As typograaf hat er by ferskillende kranten wurke, as lêste by de Leeuwarder Courant. Foar dyselde LC hat er lange jierren boekresinsjes skreaun. Yn de jierren sechtich wie van der Ploeg tige warber as redakteur foar ferskate tydskriften.

Fan 1984 oant 1990 wie er foarsitter fan it Frysk Skriuwersboun en dêrnjonken hat er him ynset op tsjerklik en kultureel mêd yn de plakken dêr't er wenne. Ek wie er gâns in skoft karmaster fan de Kristlik Fryske Folksbiblioteek. Nei syn pensjonearing yn 1990 ûntwikkele er him ta de skriuwer mei de heechste produktiviteit yn de Fryske literêre wrâld. Sûnt 1993 kamen der alle jierren ien, mar faker twa en yn 1995 sels trije titels by. Van der Ploeg koe dy hege produktiviteit berikke, troch himsels de dissipline op te lizzen fan alle dagen acht oeren derfoar sitten te gean om te skriuwen.

Van der Ploeg skriuwt oer minsken oan de râne fan de maatskippij of it libben. Him konsintrearjend op in lyts tal, psychologysk knap útwurke personaazjes wit er de nearzigen fan it bestean fan dy minsken op te roppen en de faaiens fan har libben.

De dea is in werkommend motyf yn syn wurk.

Van der Ploeg skreau romans (sa'n 20), novellen (3), ferhalebondels (2) en dichtwurk(7 bondels) .

Romans binne û.o. út 1996: 'De jacht'. 1998 'Fedde Schurer, dichter en dieder', 2005: 'De lishilligen' , 2007: 'It himelsk oerwurk' en 2009: 'In beferzen mar'. Syn nijste roman is 'De kjeld fan it noarden' út 2010. Fan de auteurs dy 't in '*Rely Jorritsma-priis* wûn hawwe is Van der Ploeg rekordhâlder: hy hat de priis 12 kear foar in fers en 9 kear foar in ferhaal krigen.

Nije Fryske boeken

Durk van der Ploeg *De kjeld fan it noarden.*

Yn rike en byldzjende taal beskriuwt van der Ploeg de histoaryske reis fan it galjoatskip fan kommandeur Klaas Hoekstra en syn bemanning. Dit is in boek yn de tradysje fan de bekendste roman fan de skriuwer *'It Borkumer fjoer'*. Yn 1826 beslút de jonge Alwin Cupido fan Amelân oan te meunsterjen. Hy wurdt it helpke fan de kok. Dy simmer sjocht er hoe it skip yn it iis fan Grienlân fynknypt wurdt. Mei de bemanning makket er in barre tocht nei Grienlân, dêr 't er de wrede winter oerlibbet.

Friese Pers Boekerij. 415 siden, priis € 22,50.

Rommert Tjeerdsma – *Reboelje yn Kollumerlân*

De skriuwer jout yn dizze roman yn prachtich geef Frysk in meinimmend byld fan it deistich libben yn de Frânske tiid. Hy beskriuwt it dramatysk barren fan it Kollumer Oproer fan 1797.

Friese Pers Boekerij, 206 siden, priis € 16,50.

Gjalt de Groot - *It swetshok ,ferhalen fan in fjildman*

Yn it swetshok fan Gjalt de Groot stiet wat reid tsjin de kanten. Oan de wanden hingje wat ielfûken en wat âld ark. Yn 'e hoeke lizze wat einekuorren. En in wekker dy 't altyd stil stiet, omdat men de tiid hjir oan jinsels hat. Dit is it plak dêr 't samar smoute ferhalen opkomme. Dizze ferhalen binne bondele yn dit boek.

Utgjowerij Bornmeer, 160 siden, priis € 15,= .

Fryske sprekwurden mei it wurd 'dûnsjen'

- as de bergen kealje, dûnset it wetter
in grutte beweging hat grutte gefolgen
- dêr't de hearen ride, stoot de moude, dêr't de bidlers dûnsje
stowe de lapen
*omgong mei sawol de ryksten as de earmsten jout altyd
argewaasje of lêst*

- honger leart de bear dûnsjen
honger twingt jin soms ta dingen dy't men yn gewoane omstannichheden net dwaan soe
- as de keallen op it iis dûnsje, tsjernet men gjin reabûter
men moat rekken hâlde mei de omstannichheden
- pisjen giet foar dûnsjen
it alderneedsaaklike moat earst dien wurde

Kritelid Klaasje Hessels fan Coevorden.

Woansdei 19 jannewaris belje ik Klaasje om in ôfspraak te meitsjen foar in fraachpetear mei har foar in stikje yn ús kritebledsje. De oare



deis kin sy net, want dan sil sy twa troch har yn Harnzer kostúm oanklaaide poppen, in frous- en in manspersoan, sa'n 40 sintimeter heech, nei it

Hannemahûs (it gemeentemuseum yn Harns) bringe. Dat it wurdt dus freedtemiddei.

Klaasje is berne yn Harns op 3 jannewaris 1933 as dochter fan Thijs Hessels fan Coevorden en Jantje Glas fan Harns. Sy hat fjouwer broers en ien suske. Thijs Hessels syn heit, dus Klaasje har pake hie in izerwinkel yn Coevorden yn de Friesestraat, it twadde hûs oan de westkant fan kafee 't Geveltje, dêr't no de muzykwinkel is. Klaasje har heit wie smid.

Thijs hat yn Ljouwert op 'e ambachtsskoalle west en wurke letter as izerflechter oan 'e Ofslútdyk. Yn dy snuorje hat er syn frou troffen yn Harns.

Sy trouden 29 desimber 1929 yn Harns en binne dêr ek begroeven. Klaasje giet yn Aldwâld nei de legere skoalle. Sy wennen doe yn Feankleaster, dêr't heit smidsfeint is, spesjaal foar it op izers setten fan de hynders.

Nei de legere skoalle giet sy trije jier nei de húshâldskoalle yn Kollum, deis seis kilometer hinne en seis werom rinne.

De direkteur fan dy skoalle is juffrou Sybesma, in muoike fan ús foarsitter Geecke Sybesma.

It gesin Hessels ferhuzet nei Sint Anne as Klaasje 15 jier is en dêr hat sy twa jier lang de kursus foar kûpeuze folge. No begryp ik dat sy sokke moaie poppen oanklaaie kin. Thús hat sy noch in kast foll! Yn dy tiid giet sy ek wol nei de minsken thús te naaien.

Mar sy wol eins de ferpleging yn. Op dat stuit is sy lykwols noch te jong om dy kursus folge te kinnen. Yn de tuskentiid hat sy yn "t Zonnehuis" yn Beekbergen wurke en in kursus algemiene ûntwikkeling folge om op Mulo- nivo te kommen. Oars kinst net talitten wurde ta de oplieding A- diploma ferpleechkunde.

Yn trije jier hellet sy har A- diploma mei kream- en berne - oantekening yn it Diakonessehûs yn Ljouwert en dêrnei it B- diploma yn it Akademysk yn Grins.

Fan it Diakonessehûs út kin sy yn 1954 de alvestêdetocht oankommen sjen.

Yn septimber 1960 wurdt sy haad fan de klasse kream- en berneôfdieling yn it sikehûs yn Harns. Yn dy tiid jout sy lêzings foar frouljusferienings yn doarpen yn de omkriten fan Harns. It jild dat sy dêrfoar kriget besteget sy oan boartersguod foar it nije sikehûs dat yn Harns yn 1974 ûntstien is út in fúzje tusken it katolike en protestantske sikehûs, mei de namme 'Oranjeoord'. De bekende professor Bladergroen hat har dêrby advisearre

Hoewol it wurk (de ferpleging en lesjaan) har goed foldocht, bliuwt sy in sykjende geast oangeande it doel fan it libben en it grutte ferskil tusken earm en ryk yn 'e wrâld.

Yn 1964 ferhuzet sy dêrom nei Brussel om dêr trije jier lang in hbo-stúdzje teology te dwaan. Sy wennet dêr yn ynтернаat.

Jûns docht sy der in kursus Frânsk by en wurket yn 'e fakânsjes om de stúdzje betelje te kinnen.

Ek yn Albertville en in moanne oan 'e universiteit fan Grenoble hat sy kursussen folge om har Frânsk by te spikerjen, want dat hat sy noadich by har wurk yn Ivoorkust.

Jannewaris 1967 giet sy fia de Sinding yn Parys der hinne om te wurkjen yn de sûnenssoarch, mear yn it bysûnder om les te jaan yn sûnskunde. Sy jout dy lessen oan famkes dy't yn in weeshûs wurkje en twatalich binne (Frânsk en in lokale stamtaal), sadat dy it de ientaligen wer fertelle kinne.

Sy sil seis jier yn Ivoorkust bliuwe. Yn dy tiid hat sy twa kear mei ferlof nei Fryslân west. Trochdat sy in tropyske sykte krige, moast sy it lân spitigernôch ferlitte. Sy hat doe kuijerje moatten yn Switserlân en is goed genêzen. Dêrnei mocht sy net wer nei Afrika om te wurkjen.

Werom yn Harns wurdt sy yn 1974 frege om haad te wurden fan de berne-ôfdieling yn 'Oranjeoord'. Dêr wurket sy mar koart, want yn 1975 krijt sy in ûngelok mei de fyts en wurdt ôfkeurd.

Yn 1979 ferhuzet sy nei Coevorden om wat tichter by heit te wêzen dy't yn Gramsbergen yn it âldereinhûs wennet.

Troch it tsjerkewurk moetet sy de hear Klaas Ronduite, doe bestjoerslid fan ús krite, dy't dan noch mar krekt oprjochte is. En dy hat har lid makke.

Sûnt 2007 is har gesichtsfermogen hurd achterút gien, trochdat har netflues losliet. Mar sy is net it type om by de pakken delsitten te gean. Fia de ANBO hat sy kompjûterjen leard en fan minsken fan Bartimeus hat sy leard om mei de spraakkompjûter om te gean. Op dizze wize kin sy har bêst rêde en bliuwt sy goed op 'e hichte fan it nijs ensfh..

Sy komt graach op ús kritejûnen; allinnich as sjen wichtich is sa'n jûn, bygelyks by in toanielstik, dan bliuwt sy thús. Mar oankommende 4 maart, as de 'nije Akke Radsma' by ús op 'e krite komt is sy fêst presint !

Bestjoer fan de Krite

foarsitter	Dhr. Drs. G.Sybesma, Kieftenweg 27, 7751 DB Dalen. Tel. 0524 55 27 99
2e foarsitter	Mefr. G.Lammers, de Woerd 9, 7824 RA Emmen. Tel. 0591 61 03 72 e-mail: gretalammers@hotmail.com
oank. ponghâlder	Dhr. H.B.Klijnsma, Kerkstraat 6, 7854 PG Aalden. Tel. 0591 62 54 03 e-mail: harm@klynsma.nl
2^e ponghâlder	Mefr. F van der Meulen, Burg.Fonteinstraat 39, 7751 CB Dalen. Tel. 0524 55 18 79
skriuwer	dhr. A.Tuiten, Palmanovastraat 23, 7742 CC Coevorden. Tel. 052451 37 83 e-mail: anneroelietuiten@planet.nl
2e skriuwer	Dhr. A.Biesma, Klepel 332, 7811 KX Emmen. Tel 0591 55 26 28 e-mail: biesma.onne@hetnet.nl
Gastfrou	Mefr. J. van der Veen, Holtlaan 85 7824 SC Emmen. Tel 0591 62 43 57
Ledeadministraasje	Dhr. H.Kloosterman, Laan vd Iemenhees 474 7823 JV Emmen. Tel 0591 62 65 92 e-mail: kloosterman.h@xs4all.nl
Boekferkeap:	Mefr. R.Tuiten, Palmanovastraat 23 7742 CC Coevorden

Kosten lidmaatskip: (2010-2011) € 10,= de persoan of € 15,= it pear
Postbankrekening 2352578 t.n.v Fryske Krite Súdeast Drinte Coevorden

Redaksje fan it krantsje :

korreksjewurk : Dhr. H.J. Weijer, Witterweg 29, 9421 PE
Bovensmilde Tel: 0592 41 21 65
e-mail h.weijer3@kpnplanet.nl

typewurk en layout: Dhr.H.Kloosterman.

**Kopij foar it folgjende nûmer graach by de redaksje
foar 15 maaie 2011**

